Gemeente Opsterland
Ontvangstdatum
24 DEC 2025

provinsje fryslân
provincie fryslân

postbus 20120
8900 hm leeuwarden
tweebaksmarkt 52
telefoon: (058) 292 59 25
telefax: (058) 292 51 25

www.fryslan.frl
provincie@fryslan.frl
www.twitter.com/provfryslan

Aan de raad van de gemeente Opsterland
Postbus 10000
9244 ZP BEETSTERZWAAG

Ljouwert, 17 desimber 2025
Ferstjoerd, 17 DEC. 2025

Ús merkteken : 02411611
Domein/ Team : Stefofdieling Bestjoerssaken
Opsteld troch : [redacted] / [redacted] of [redacted]
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : Tafersjoch begrutting 2026

Achte leden fan de ried,

Op 13 novimber 2025 hawwe wy de begrutting 2026 fan jimme gemeente ûntfongen. Jimme ried hat de begrutting 2026 op 10 novimber 2025 fêststeld. Mei dit brief bringe wy jimme op 'e hichte fan it tafersjochrezjym foar 2026.

Doel fan finansjeel tafersjoch
It tafersjoch op de finansjele posysje fan gemeenten is in provinsjale taak basearre op de Gemeentewet (kêst 203). Us doel is om in sûne finansjele situaasje by gemeenten te befoarderjen en wy wolle tefoaren komme dat in gemeente yn in finansjeel útsichtleaze situaasje telâne komt. Mei it each dêrop beoardielje wy fóár it begjin fan it begruttingsjier hokker foarm fan tafersjoch op jimme gemeente fan tapassing is. Paadwizer foar ús dêryn is it Mienskiplik finansjeel tafersjochramt (GTK 2020 Gemeenten). Dêryn is repressyf tafersjoch de regel. Dat hâldt yn dat jimme de begrutting direkt útfiere kinne. Previntyf tafersjoch is de útsûndering. Dat betsjut dat de begrutting en de begruttingswizigings dêrop earst troch ús goedkard wurde moatte foardat jimme ta útfiering oergean kinne.

Tafersjochrezjym begrutting 2026: repressyf tafersjoch
Jimme begrutting 2026 is nei ús oardiel struktureel en reëel yn lykwicht. Dat betsjut dat jimme begrutting 2026 en de oanbelangjende begruttingswizigings gjin goedkarring fan ús hoege en jimme gemeente yn 2026 ûnder repressyf tafersjoch fan de provinsje stiet. Wy hawwe de begrutting 2026 dan ek foar kundskip oannommen.

Struktureel resultaat op basis fan de begrutting 2026
It begruttingsresultaat is it resultaat dat jimme yn jimme begrutting presintearre hawwe yn it oersjoch fan baten en lêsten. Om fêststelle te kinnen oft der sprake is fan struktureel lykwicht, is it wichtich dat dúdlik ynsjoch bestiet yn hokker baten en lêsten ynsidinteel binne. It ferplichte mearjierrich oersjoch fan ynsidintele baten en lêsten jout dat ynsjoch. It struktureel resultaat is it begruttingsresultaat sûnder ynsidintele baten en lêsten. Op dat lêste basearje wy ús oardiel en it tafersjochrezjym.



Punt fan omtinken

Ferskowing fan de tekoarten nei 2028
De algemiene útkearing gemeentefûns wie oant en mei 2025 hiel posityf. Fan 2026 ôf sakke de ryksbydrage fanwegen de troch it Ryk ynfierde nije finansieringssystematyk. Dat is bekend wurden as it saneamde 'ravynjier'.

In soad Fryske gemeenten stienen foar in finansjele útdaging om de begrutting 2026 struktureel slutend te krijen en retten besunigings/ombûgings ta. By de maaiesirkulêre 2025 hat lykwols bliken dien dat it Ryk foar de jierren 2026 en 2027 rjochting gemeenten mei ekstra middels oer de brêge kommen is. It 'ravynjier' 2026 is dêrmei ôfkeard, mar fan 2028 ôf sjogge wy noch hieltyd dat de strukturele saldy fan de Fryske gemeenten gâns sakje. By mear as de helte fan dy gemeenten is it finansjeel perspektyf yn dat jier ek feitlik negatyf.

As lêste
As der fragen binne oer de ynhâld fan dit brief, of oare fragen oer de beoardieling fan de begrutting en mearjierrerûzing fan jimme gemeente, dan binne wy graach ree om dy te beäntwurdzjen. Dêrfoar kinne jimme kontakt opnimme mei jimme tafersjochhâlder (sjoch kontaktynformaasje boppe-oan dit brief).

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

drs. ing. J.J. Algra, sekretaris

Ús merkteken: 02411611

provinsje fryslân